







*Foar Ede en Meindert Helmantel,  
en fansels foar jimme heit Adriaan*

**Corien Oranje**

**bolle  
op'edyk**

mei tekeningen fan

**Marja Meijer**

oersetting

**Margriet Groustra-Ypeij**

**ſ/columbus**



*bolle op 'e dyk*

Corien Oranje | [corienoranje.nl](http://corienoranje.nl)

ISBN 978-90-8543-558-7

NUR 287

*bolle op 'e dyk* is de Fryske útjefte fan *stier op de weg*

© 2024 Útjouwerij COLUMBUS - LJOUWERT

Yllustrasjes: Marja Meijer | [marjameijer.nl](http://marjameijer.nl)

Oersetting: Margriet Groustra-Ypeij, mei tank oan Thys Wadman

Opmaak binnenwurk: Buitenspel, Meppel

Üntwerp omslach: Brainpink.nl

© 2024 Útjouwerij COLUMBUS - LEEUWARDEN

Alle rjochten foarbehâlden.

Útjouwerij Columbus is ûnderdiel fan Jongbloed Christelijke Media te Ljouwert.

[www.jongbloedmedia.nl](http://www.jongbloedmedia.nl)

# Ynhâld

1. tor is siik .....	5
2. wa lit de hûn út? .....	10
3. go go go! .....	16
4. bolle op 'e dyk! .....	20
5. myn hert stie stil! .....	28
6. wa wol in stik taart? .....	34





# 1. tor is siik

wat is der mei juf fiep?

se is sa stil.

se is sa wyt.

rint der in trien oer har wang?

it liket wol oft se gûlt!

'juf', seit kas.

'giet it wol goed mei dy?'

'ja hear', seit juf fiep.

se feit mei har mouwe lâns har noas.

'der is neat oan de hân.'

'wier net, juf?' freget roas.

'do sjochst der net sa goed út.

bist soms siik?'

'ja, want dan meist bêst wol nei hûs, juf', seit eef.

'dan jou ik les.

gjin punt.'

'ik bin net siik', seit juf fiep.

'wier net.'

'wat is der dan, juf?' freget saar.

juf fiep suchtet.

ik tink hieltyd oan tor', seit se.

'tor is myn hûn'.



hy is slim siik.'  
'o nee', ropt saar.  
'wat is der dan, juf?' freget tom.  
'wat is der mei tor?'

juf fiep slokt.  
'it is syn hert', seit se.  
'dat docht it net goed mear.  
hy is hiel gau wurch.  
soms falt er om.  
ik bin bang dat hy net lang mear libbet.'  
'mar juf', seit kas.  
'gean dan mei him nei in dokter.  
myn hûn wie ek siik.  
doe joech dokter him in pil.  
en no is der neat mear mei him.'  
juf fiep skoddet har holle.  
'wy ha al by dokter west', seit se.  
'se kin wol wat dwaan.  
mar dat kostet in protte jild.  
tefolle foar kees en my.  
noch in wike,  
dan krijt tor in sput.  
en dan sliupt er yn.'  
'o, mar dat is net sa slim hear, juf!' seit roas.  
'dat hie ik ek.

doe moast in stik fan myn term derút.  
dan krijs in spuit,  
en dan falst yn sliep.  
en ast wer wekker wurdst is it klear.’  
eef draait har om.  
‘it is in oare spuit, roas’, seit se.  
‘in spuit datst dea giest.’  
roas docht in hân foar har mûle.  
‘wat?’ ropt se.  
‘dat dogge se soms by in hûn’, seit eef.  
‘as dy slim siik is.  
mar juf, as dyn hûn dea is,  
hat hy ek gjin pine mear.  
dus dat is dan wer moai.’  
der dript in trien fan jufs wang.  
en it wurdt hiel stil yn it lokaal.



dan slacht rik mei in fûst op ‘e tafel.  
‘mar dat kin dochs net’, seit er likk.  
‘is der wat aan te dwaan?  
Juf, kostet dat jild?  
hoe djoer is dat?  
dan ik help mei!’  
‘en ik ek!’ seit rik.  
‘ik ha fiif euro.’  
‘ik wol tsien!’ seit kas.



‘nee’, seit juf.  
‘hiel leaf, groep 3.  
mar dat kin net.  
en dat wol ik net.  
it is in protte jild.’  
tom klaut him oan it kin.  
‘ho ris’, seit er.  
‘ik tink dat ik wat wit.  
ik wit hoesto oan jild komtst.  
oan folle jild.  
moatst sa’n tocht dwaan, juf!  
hoe hjit dat ek alwer?  
sa’n tocht dy’t jild opsmyt?’  
‘dat hjit in spon-sor-tocht’, seit eef.  
‘o ja!’ seit tom.  
‘dan giest de heuvel op mei dyn fysts.  
it jild is dan foar tor, juf.  
dan krijt er in nij hert.’  
‘in nij hert?’ seit eef.  
‘dat kin net tink ik.’  
‘ik fyn it in goed plan!’ ropt kas.  
‘dat dogge wy, juf!  
belje dokter mar op!  
siz dat se it jild krijt  
as se tor wer better makket!’



## 2. wa lit de hûn út?

it fjild by de heuvel stiet fol.

hiel de skoalle is der, fan groep I oant groep 8.

ek hiel it doarp is der.

master bob sjongt in ferske.

'wa lit de hûn út?

woef

woef woef woef!

juf nel út groep I spilet mei op har drumstel.

juf ank fan groep 5 docht in trúk mei in hin.

se docht him yn in hoed,

en dan is er fuort.

en at se har hân wer yn 'e hoed stekt,

komt der gjin hin út,

mar in hazze!

boer gijs is der ek.

hy hat in bolle by him.

oan in dik stik tou.

de bolle snúft en stampet mei syn poat.



‘wa doart op ’e bolle?’ ropt boer gijs.  
‘dit is dyn kâns!  
foar tsien euro meist op syn rêch sitte!’  
‘ik doar net’, seit kas syn mem.  
‘no, ik doch it ek net’, seit tom syn heit.  
‘kinst dyn rêch wol brekke ast der ôf falst.’  
‘it hoecht ek net’, seit eef.  
‘as jo dêr mar jild yn stopje.’  
se wiist nei de tonne dy’t by de dyk stiet.  
de tonne dêr’t op stiet:

help tor!  
hy hat it oan syn hert!

yn de tonne sit in gleuf.  
dêr kinst jild yn dwaan.  
juf fiep tilt in fyts út in bus.  
‘wow’, seit tom.  
‘dy fyts is echt stoer, juf.  
ik wist net dat juf dy hie!  
dêr kinst echt hiel hurd mei.’  
‘moai no’, seit juf fiep grutsk.  
se rydt de fyts nei de wite streek op ’e dyk.  
‘hy is net fan my, hear.  
hy is fan aad.  
dat is in freon fan kees en my.  
aad kin hiel hurd op in fyts.



hy wint altyd.

hy is in prof.'

se wiist nei de man mei it burd,  
dy't krekt út de bus komt.

hy is lang en sjocht der sterk út.  
de man stekt syn hân op.

'hoi!' seit hy. 'ik bin aad.

en nee, ik bin gjin prof mear.

ik bin coach. (*do seist: koo tsj*)

ik help de profs.

ik train se. (*do seist: treen*)

sadat se hurder gean.'

juf fiep sjocht nei de top fan de heuvel.

'dus dêr moat ik hinne.

it is wol hiel heech, hear.

ik wit net oft ik dat kin.'

'ja hear', seit aad.

'dat kinsto.'

'mar wat moat ik dwaan as myn bân lek giet?' seit juf fiep.

'ik ryd mei yn de bus', seit aad.

'as der wat is, dan help ik dy.'

'kin groep 3 ek mei yn de bus?' freget kas.

'der is plak foar alle bern fan groep 3', seit aad.

'stap mar yn!

fiep, bisto der klear foar?'

juf fiep knikt.



*hup juf fiep!!!*

